

Jierferslach 2014

Wy begjinne 2014 op 1 jannewaris mei in soad fernielings: der binne ferskate Bellobakken dy't âldjiersnacht net oerlibje en ek it strjitnammebuordsje oan it Jonkersleantsje is fuortrekke.

Doarpsbelang jout de fernielings en fermissing troch oan wykbehear, dy't mei nije bakken komt. Op kosten fan Doarpsbelang komt d'r in nij buordsje by it Jonkersleantsje. Ek it gaas om it evenementeterrein achter de Grûnslach wurdt oan ien tried wei platriden. Meardere kearen sette we it gaas wer oerein, mar it helpt neat.

Yn jannewaris kloppet Jentsje Steegstra út De Pein by ús oan. Hy hat in plan foar de âlde suzelfabryk. En samar ynienen liket der nije hoop foar De Hoop. Wy hearre de plannen fan Jentsje oan en beslute dat we syn ideeën foar in wen-wurk lokaasje ek presentearje wolle oan it doarp. Elkenien yn Aldegea kriget in útnoeging foar de ynformaasjejûn op 3 maart.

Yn de krante lêze we yntusken dat der in nije farwei nei Drachten komme moat. De krante lit in grut oantal farianten sjen, wêrby't der ek opsjes binne om de farwei troch of lâns Aldegea rinne te litten. Doarpsbelang hifket by de gemeente, mar dy jout oan dat it allinnich noch mar om ideeën giet.

Yntusken is der oar nijs dat de doarpsbewenners yn Aldegea dwaande hâldt. Yn in koart skoftke tiid binne der ferskate brannen, fernielings en ynbraken yn ús doarp. Wy noegje doarpsaginte Gea Kootstra út om ús by te praten en freegje har wat wy dwaan kinne as Doarpsbelang om de rêst yn it doarp werom te krijen.

Op moandei 3 maart giet de earste skeppe offisjeel de grûn yn foar de bou fan it nije MFC. Of no ja skeppe... Yn dit gefal giet it mei hiel wat groffer geskut. Wethâlder Nieske Ketelaar nimt mei in grutte kraan de earste hap gers út it sportfjild op it plak dêr't it MFC komme sil. Hindrik hâldt nammens Doarpsbelang in koarte speech en lit witte dat we grutsk binne op wat we hjir as doarp anst foar nij multifunksjoneel gebou krije sille.

Doarpsbelang hat in drokke dei, want dyselde jûns sit it Folksgebou oan de kop ta fol mei minsken dy't nijsgjirrich binne nei it plan foar de âlde suzelfabryk. Der komme sels safolle Aldegeasters op ôf dat wy it hast net hâlde kinne. Jentsje Steegstra presintearret syn plan foar wenunits yn de âlde fabryk. Nei ôfrin binne de reaksjes mingd. Der binne positive lûden te hearren, mar ek minsken dy't it mar neat fine. Wy belove dat we de ynwenners op 'e hichte hâlde fan de ferfolchstappen.

In wike letter is der in oerlis oer de takomst fan nasjonaal park De Alde Feanen. Ek Doarpsbelang Aldegea is útnoege om mei te tinken oer hoe't De Alde Feanen der oer 8 jier útsjen moat.

Op moandei 24 maart organisearje we ús jierlikse foarjiers-ledefergadering. Dit is de lêste fergadering foar Tineke Kooistra. Tineke nimt nei tolve jier ôfskied as ponghâlder. Har funksje wurdt oernaam troch Thea de Boer. Hindrik ferlingt syn foarsitterskap nochris mei fjouwer jier. Nei it skoft presintearret Hindrik de plannen foar it Trefpunt Graach Dien. Alle ynwenners wurde útnoege om 24 maaie nei de presintaasjedei fan it trefpunt te kommen. Dêr sille se mei eigen eagen sjen wat de bedoeling is fan dit nije inisjatyf.

Ek dit jier dogge we wer mei oan de Himmeldei. Op 29 maart organisearret kuorbalklup Quick tegearre mei de beide fanfareorkesten Looft den Heer en Apollo-Foarút de skjinmakdei. Der komme hiel wat bern op ôf en it resultaat is in skytskjin doarp.

Yn maart dogge wy de oprop om sa folle mooglik gebrûk te meitsjen fan de pinautomaat yn it doarp. Yn buordoarp Earnewâld is de pin nammentlik fuorthelle, om't der te min gebrûk fan makke waard. In tillefoantsje nei de Rabobank leveret lykwols oare ynformaasje op. De automaat yn Earnewâld wie stikken en moast ferfongen wurde. Dat wie te djoer, fandêr dat der gjin nije automaat kaam is. De Rabobank fersekeret ús dat it net om it oantal pintransaksjes giet, mar om de kosten fan ferfangning as de automaat stikken giet.

Foar 1 april moatte de buurtbudgetoanfragen wer yntsjinne wurde. Doarpsbelang freget budget oan foar de presintaasjedei fan Trefpunt Graach Dien. Ek komt der subsydzje foar de bestrating rûnom de plattegrûn oan de Aldegeasterdyk en de Gariperwei.

Op it evenementeterrein achter basisskoalle De Grûnslach pleatst de gemeente yn april op fersyk fan Doarpsbelang nije, gruttere fuotbalgoals. Wy hoopje dat de jeugd hjir sa de kommende jierren wer út de fuotten kin.

Mei de komst fan de maaitiid kleuret ús doarp wer fleurich grien. Heech tiid om oan de slach te gean mei it gearstallen fan in wurkgroep foar Aldegea yn it Grien. Doarpsbelang freget in oantal minsken út it doarp om sitting te nimmen yn dizze wurkgroep om aanst tegearre mei ús oan de slach te gean mei it Grienplan.

Yn april krijt Aldegea in nij ecoparkje. Dat parkje bestiet út ferskate ôffalkonteners ûnder de grûn, dy't as doel ha om it skieden ynsammeljen fan ôffal te stimulearjen. De gemeente wol it ecoparkje op it plak tsjinoer de St. Agathatsjerke sette, dêr't ek al de glêskontener stiet. Wy as Doarpsbelang fine dit gjin goeie lokaasje en noegje de gemeente út om sels te sjen wat foar plak wy foar eagen ha. Op moandeitejûn 10 april litte we de gemeente it nije plak achter de kapsalon sjen. It duorret efkes, mar dan is ek de gemeente oertsjûge en úteinlik komt it ecoparkje hjir.

Op 24 maaie is it in drokte fan jewelste yn de sporthal, dêr't Trefpunt Graach Dien him presintearret. Ferskate klups, frijwilligersorganisaasjes en ynstânsjes stean mei in stand yn de hal om sjen te litten hokker help der yn de gemeente mooglik is. Ek is der in ideeënmuorre dêr't Aldegeasters harren goeie idee foar it doarp opplakke kinne. Der komme leuke plannen binnen, dêr't it trefpunt mei oan de slach giet. ûnder de besikers wiene ek de boargemaster, de wethâlder Sosjale Saken en ferskate gemeenteriedsleden.

Steatsboskbehear leit de fraach by Doarpsbelang del oft we ek in oprop dwaan kinne oan de bern om harren âlde hutten yn de bosstrook oan it Utein op te romjen. Hjir hingje ferskate plastic kleden yn de beammen en boumateriaal fersmoarget de sleatten. Ien fan de ynwenners komt by de ledefergadering mei it plan om tegearre mei de bern it guod op te romjen en de jeugd nei ôfrin te traktearjen op in patatsje.

Yn de wandelgangen krijt Doarpsbelang sa no en dan fragen oer mooglikheden foar wenjen yn it doarp. Omdat de gemeente Smellingerlân earder al witte litten hat dat der allinnich nijbou mooglik is as der konkrete keapers binne, ynventarisearje we self hoe grut de wenningfraach no echt is. Op ús oproppen yn de Bakbrogge komt lykwols mar ien reaksje. Wy nimme oan dat der dus gjin echte akute wenningneed is.

Yntusken binne we al wer juny en komt op sneon 21 juny de saneamde SpeciaalBierBus fan Simmerdeis nei Aldegea. De oankondiging fan de komst fan de bus is wat let, dus in hiel soad minsken binne der net. Mar de sfear is goed.

We ha yn juni ek by de boekpresentaasje fan ien fan ús doarpsgenoaten west, en fansels ha we ûnder it genot fan in hapke en drankje ek efkes neipraat.

Yn de simmer nimt Doarpsbelang twa moannen reses, mar yn septimber kinne we fuort wer los mei de plannen foar in kuierpaad om Aldegea hinne. Fia Lânskipsbehear Fryslân is der jild kaam foar in

permanente kuierrûte. Lâns de rûte komme boppedat ferskate dichterpanielen, sadat it in heus Dichterspaad wurdt. De gemeente stelt ek jild beskikber foar nije fytspaden troch en om it doarp hinne. Doarpsbelang slagget der lykwols net yn om mei de lâneigenaren ta in geskikte rûte te kommen. Spitich genôch giet it plan foar it fytspaad dêrom net troch.

Ek binne we drok dwaande mei Aldegea yn it Grien. Op 22 septimber stiet der in ynformaasjejûn op it programma oer dit grienplan, mar dizze jûn wurdt útsteld oant de ledefergadering fan novimber.

Nei de simmer krijt it Albert Faberparkje in oantal nije boarterstastellen. De jeugd is der bliid mei en makket der fuortendaliks folop gebrûk fan yn de waarme hjerst.

Foar 1 oktober moatte de nije buurtbudgetoanfragen ynlevere wêze. Der wurde ferskate oanfragen honorearre. Sa kinne de buertbewenners fan de Dominee Carsjenssingel oan de slach mei it opknappen fan it kuierpaad achter de nijbou. Ek krije we grien ljocht foar de oanlis fan in jeu de boules baan yn it doarp. Wêr't dy krekt komme sil is noch net bekend. De bewenners fan de Westersanning krije budzjet foar de nije ynrjochting fan it krûspunt fan de Westersanning en it West. Dit proses freget lykwols noch om ekstra oerlis fanwege kanttekeningen fan de bewenners. Ek is Doarpsbelang dwaande mei de oanfraach foar in beweegtún yn it doarp. De oanfraach leit lykwols al in skoftke by de gemeente, mar wy ha noch altyd gjin antwurd krigen.

Omdat we elke kear dwaande binne mei it herstelwurk fan de omheining om it eveneminteterrein beslute we ein dit jier om it gaas fuort te heljen. Dat skilt ús in soad frustraasje en herstelwurk.

Yn oktober is der wer folop oandacht foar De Hoop. Yntusken bûge ferskate partijen har oer in nije takomst fan de âld molkfabryk. Dat binne ûnder oare: Herbestemming Industrieel Erfgoed, Jentsje Steegstra, Platform 31 en in wurkgroep fanút de Mivero. Dy lêste wurkgroep jout ús yn novimber in presintaasje fan harren fisjy. Yn desimber wurde ek de belutsen lâneigeners en omwenners op de hichte brocht fan dizze fisjy.

Op sneon 10 novimber komt wethâlder Marja Krans nei Aldegea. Sy is ús nije doarpewethâlder en wol sels sjen en hearre wat der yn it doarp allegear spilet. Nei in kop kofje meitsje we in kuiertroch it doarp en litte har ferskate saken sjen, lykas it âld molkfabryk en it nije MFC.

Veilig Verkeer Nederlân kloppet by ús oan mei de fraach oft sy yn ús doarp ek in opfriskursus oer de nije ferkearsregels hâlde meie. Wy dogge yn de ledefergadering fan 24 novimber in oprop en der

komme fuort entûsjaste reaksjes. It oantal oanmeldings stiet no op 12 persoanen. Ynkoarten hearre dizze minsken wannear en wêr't de kursus holden wurdt.

Yn de ledefergadering fan november presintearje Martijn Broekman en Karin Sjoukes van Lânskipsbehear Fryslân de plannen foar Doarp yn it Grien. Ek kinne minksken har dy jûn fuortendaliks opjaan. Wy ha al hiel wat oanmeldings binnen, en it entûsjasme is grut.

It hiele jier binne wy drok dwaande west mei de ynrjochting fan de âldheidsromte yn it nije MFC. Yn dizze museumromte komme vitrines mei dêryn stikken fan Hattums Wietske en Jan Binnes van der Wal. Mei de komst fan de autentike kast fan Wietske van Hattum de Vries krijt de romte op 13 desimber har earste offisjele museumstik. Yntusken is de romte klear en ha we dêr ús earste bestjoersfergaderings hjir al holden.

Ek binne we wakker yn 'e wear mei in keunstwurk ta eare fan Pibe de Jong dy 't yn Aldegea syn brea fertsjinne mei de ielfiskery. Yn gearwurking mei de famylje is in ûntwerp fan Sabine Liedtke út Aldegea yn produksje naam troch Auke de Vries en Jelmer Kleinhuis. Yn 2015 sil dit keunstwurk in plakje krije op de dyk, dêr't de arke fan Pibe lei.

En sa't we it jier begûnen mei fernielings en fermissing fan it strjitnammebuordsje fan it Jonkersleantsje, sa einigje we it jier ek. Dizze âldjiersnacht waard it buordsje mei fjoerwurk stikken makke. De konklúzje is simpel: it sit it Jonkersleantsje net mei. Wy binne al oan ús tredde buordsje ta.

En sa ha jim in oersicht krigen fan wat wy yn 2014 sa-al op ús "buordsje" krigen.